

> **Underwerp en sintrale fraach**

Nei de Twade Wrâldoarloch makke Anne Wadman (1919-1997) al gau namme as ien fan de belangrykste Fryske skriuwers. Hy foel benammen op troch syn knappe, persoanlike skriuwstyl en syn hurde krytyk op de foaroarlochske boereroman, dy't neffens him faak in ûnrealistysk, bot idealisearre byld joech fan it libben yn Fryslân. Om it nivo fan de Fryske literatuer –benammen it proaza – te ferheegjen, skreau Wadman net allinnich kritiken, mar ek romans, dy't de kritisy modern, eksperiminteel en nihilistysk fûnen. Syn grutste sukses as skriuwer belibbe Wadman yn 1963, it jier dat syn kontroversjele roman *De Smearlappen* foar in soad opskuor soarge, sawol yn Fryslân as dêrbûten. De roman waard noch itselde jier ek yn it Hollânsk útjûn en wie de earste Fryske bestseller. Gjiniën wie mear ferbjustere troch dat ûnferwachte sukses as Wadman sels. In pear moannen foar't er *De Smearlappen* skreau, hied er nammentlik oankundige de pinne del te lizzen. Syn eigen literêre karriêre seach er doe as ien grutte mislearing.

Tusken 1946 en 1994 publisearre Wadman mear as tûzen resinsjes, tweintich romans (wêrfan sân yn it Frysk én it Nederlânsk), in samling koarte ferhalen, twa dichtbondels, in blomlêzing fan Fryske poëzij, in biografy fan in njoggentjinde-ieuske Fryske skriuwer, trije bondels mei kritiken, seis toanielstikken (hy sette ek noch ris fjouwer oer) en fiif boeken oer Simon Vestdijk. Ek al is er nea opholden mei skriuwen, dochs wie Wadman ek nei 1963 faak bot sinysk oer syn kwaliteiten as skriuwer. Hoe kin it dat immen dy't sa'n grut oeuvre skepen hat en dy't sjoen waard (en wurdt) as ien fan de belangrykste Fryske skriuwers, himsels faker wol as net as 'mislearre' beskôge? Dat is de sintrale fraach dêr't ik yn dit boek besocht ha in antwurd op te jaan. Ik hâld út dat it antwurd op dy fraach fûn wurde kin yn it earste part fan Wadman syn skriuwerskip, de jierren tusken 1935, doe't er der fan dreamde in ferneamde Fryske skriuwer te wurden, en 1963, it jier dat er leaver gjin skriuwer wie, as in skriuwer dy't allinnich yn Fryslân meitelde. Syn ideeën oer Fryske literatuer yn it algemien en syn eigen wurk yn it bysûnder hiene net allinnich te krijen mei syn karakter, mar ek mei it literêre fermidden dêr't er foar keazen hie. Yn de earste jierren nei de oarloch wie Wadman redakteur fan twa nije literêre tydskriften fan namme: it Fryske *De Tsjerne* en it Nederlânske

Podium. Wadman wie dêrmei ien fan de pear Fryske skriuwers dy't har sawol yn Frysk- as yn Nederlânsktalige literêre fermiddens opholden. Troch ûnderskate redenen konsintrearre er him lykwols al gau folslein op de Fryske literatuer, in kar dêr't er letter mei spyt op weromseach. Ek al slagge it him om de Fryske literatuer te feroarjen, hy wie net bliid mei de risseltaten.

> **Relevânsje fan de sintrale fraach**

Dit boek giet oer de earste helte fan Wadman syn literêre karriêre, de perioade tusken 1935 en 1963. Ik ha my benammen rjochte op de jierren 1945 tot 1963, in perioade dy't fan grut belang achte wurdt foar de ûntjouwing fan de Fryske literatuer. De Fryske literatuer soe yn dy fiifentweintich jier nei de Twade Wrâldoarloch 'autonom' wurden wêze – dat wol sizze, ûnôfhinlik fan de Fryske beweging en ûnôfhinklik fan de dominearjende Nederlânske literatuer.

Yn de literêre kringen fan syn tiid naam Wadman in hiel sintrale rol yn. Troch syn literêre karriêre yn byld te bringen, ûntstiet tagelyk in byld fan de ûntjouwing fan de Fryske literatuer neist de Nederlânske. Krekt om't Wadman net tefreden wie oer syn skriuwerskip lit syn 'mislearre' karriêre sjen mei hokker problemen skriuwers konfrontearre wurde yn in lytse literatuer. Ek al stie de Fryske literatuer – mei tank oan Wadman – úteinlik lossen fan de Fryske beweging en fan it Nederlânske literêre fjild, skriuwers en lêzers waarden noch hieltyd bot beynfloede troch de twatalige kontekst dêr't hja yn libben en har wurk yn skreaunen. Om sjen te litten hokker problemen Wadman tsjinkaam is in soad oandacht bestege oan de fraach hoe't hy te krijen hie mei de stadich feroarjende relaasje tusken Fryske en Nederlânsk literatuer en dy tusken Fryske literatuer en Fryske beweging.

> **Fryske literatuer en de Fryske beweging**

Lykas it meastepart fan de Fryske skriuwers foar de Twade Wrâldoarloch waard Anne Wadman ta skriuwen oanset troch de Fryske beweging. Sa't doe karakteristyk wie foar de hiele Nederlânske maatskippij bestie dy beweging, dy't syn woartels hie yn de njonggentjinde ieu, út fjouwer pylders: liberalen, protestanten, katoliken en sosjalisten. Eltse groep hie syn eigen ferienings ('selskippen') en tydskriften. Hja wiene lykwols mei inoar ferbûn troch de mienskiplike winsk om it brûken fan de Fryske taal te stypjen, bygelyks troch oan te stean op gelykberjochting fan de Fryske oan de Nederlânske taal. Skriuwers spilen lange tiid in wichtige rol yn dizze beweging. Net allinnich moast harren wurk bewize hoe ryk oft de Fryske taal wie, ek waard dy taal yn har wurk fêstlein. Tagelyk blik de literatuer ek in effektyf middel om 'it Frysk-eigene' stal te jaan. Yn

neifolging fan de Dútske *Heimatliteratur* portretearren folksskriuwers yn de foaroarlochske boereroman it libben op it plattelân as moreel better as dat yn de stêd. Yn de literêre tydskriften fan de lette jierren tritich wie it net ûngebrûklik om 'it Fryske folk' foar te stellen as in Germaansk ras dat troch bloedbannen ferbûn wie mei de grûn dêr't it op libbe. De Twadde Wrâldoarloch liet goed sjen hoe gefaarlik oft sok tinken wêze koe.

De oarloch twong de Fryske beweging ta gearwurkjen en ta it op 'e nij besjen fan syn hâlding tsjin 'Hollân' oer. Hoefolle oft feroare, waard dúdlik doe't yn 1946 *De Tsjerne* it ljocht seach, in nij literêr tydskrift dat as útgongspunt hie dat skriuwers gjin tsjinsten hoegden te bewizen oan de Fryske beweging. Fansels betsjutte dat net dat alle skriuwers de bannen mei dy beweging ek dalik ferbrutsen, dat barde pas doe't yn de jierren fyftich in nije generaasje skriuwers him oppenearre.

Fan de jierren fyftich ôf waarden in soad fan de politike easken fan de Fryske beweging ynwillige, doe't, nei Kneppelfreed, in tal wetten oannaam waard om de posysje fan de Fryske taal yn Fryslân feilich te stellen. Dy ûntjouwingen hiene op termyn ek gefolgen foar de Fryske literatuer.

> **Undersyksmetoade**

Om it ûntstean en de ûntjouwing fan it skriuwerskip fan Wadman yn kaart te bringen ha ik gebrûk makke fan de 'ynstitúsjoniele literêre teory' fan de Frânske sosjoloog Pierre Bourdieu. Dy teory giet derfan út dat de wearde fan literatuer gjin ûnderdiel fan de tekst sels is, mar dat er ûntstiet yn ûnderhannelingen tusken ferskate 'aktoaren' (skriuwers, lêzers, kritisy, útjouwers, dosinten) en 'ynstitúsjes' (útjouwerijen, de literêre krityk, it literatuerûnderwiis). It literêre fjild bestiet út al dy minsken en ynstitúsjes dy't har dwaande hâlde mei it skriuwen, fersprieden en beoardieljen fan literatuer. Om in plak yn te nimmen yn it hieltyd feroarjende literêre fjild sette dielnimmers net allinnich har wurk yn, mar ek har literêre ideeën en kontakten.

Anne Wadman plende syn literêre karriêre yn it earstoan mei soarch. Hy keas literêre mentoaren út (lykas Fedde Schurer as Fokke Sierksma) dêr't er wat oan ferwachte te hawwen. Troch de tiid, faak foarôfgien troch in konflikt dat Wadman sels begûn, waarden dy mentoaren ferfongen troch nijen. Om it skriuwerskip fan Wadman te begripen moat net allinnich sjoen wurde nei syn wurk, mar ek, en miskien noch wol mear, nei hoe't er himsels en syn wurk presintearre.

Troch it lêzen fan syn korrespondinsjes, deiboeken en wurk (benammen syn kritiken) ha ik bestudearre hokker ideeën oft Wadman hie oer (Fryske én Nederlânske) literatuer, hoe en wêrom oft syn ideeën feroaren, wa't syn freonen en fijannen wiene, wat harren ferbûn of ferdielde, en hokker posysjes oft hja ynnamen yn it doetiidske literêre fjild. Biografyske

gegevens waarden sa ynterprearre út it ramt fan it literêre fjild wei. Yn in lytse literatuer sa-as de Fryske binne der yn ferhâlding mear posysjes dy't ynnaam wurde kinne (bygelyks troch redakteur fan in tydskrift te wêzen, sjuerylid foar in literêre priis, lid fan in advyskommisje, ensfh.) as der minsken binne om dy posysjes yn te nimmen. It gefolch is dat minsken faak meardere rollen tagelyk ha. In lytse groep hat dêrtroch in soad ynfloed.

> **Gearfetting fan de haadstikken**

Wadman sette syn earste stappen op it literêre paad nei't er yn de simmer fan 1935 (mei syn âlders, broerke en suske) as fyftjinjierrige in simmerkamp bywenne fan it Sosiaal Demokratysk Frysk Ferbân – in sosjalistyske, Frysksinnige feriening. Dêr kriich er kunde oan de liberale, frijsinnige dûmny André Roelof Scholten (1909-1944), dy't syn earste literêre mentor en in goede freon wurde soe. Scholten syn ynfloed op Wadman wie grut, hy joech him net allinnich advizen op literêr, mar ek op 'sedekundich' mêd.

Doe't er sechtjin wie, slute Wadman him oan by in nije jongereinferiening yn de Fryske beweging, it Boun for Frysknasjonale Jongerein. Yn dat fermidden learde er Frysk skriuwen en publisearre er syn earste stikjes. Nei in konflikt oer jild kearde er it Boun yn 1937 de rêch ta. Syn artikels publisearre er tenei yn *Het Schoolblad*, in skoallekrante foar hiel Fryslân. Wadman wie de iennige dy't yn dy Nederlânsktalige krante in rige Fryske artikelen skreau. Syn stikken leveren him syn earste bekendheid op yn de Fryske literêre rûnten fan de lette jierren tritich, dy't foar in grut part gearfoelen mei de kringen fan de Fryske beweging.

Fan 1938 ôf naam syn bekendheid ta troch de publikaasje fan syn earste fersen yn it moanneblêd *It Heitelân*, in magazine-eflich blêd dat ek oandacht bestege oan Fryske literatuer. Anne Wadman waard fan miet ôf oan sjoen as in fernijer, syn wurk foel op en waard priizge. Wadman frege him lykwols ôf oft er safolle eare wol fertsjinne. Wie hy wol echt in dichter, of woe er it allinnich mar lykje? En hie syn wurk wol in eigen toan? Om ynspiraasje op te dwaan lies er wurk fan de *Criterion*-dichters Greshoff en Van Hattum, dy't er better fûn as de measte Fryske dichters. It jier 1939 (haadstik 2) blykt achterôf yn mear as ien opsicht belangryk foar Wadman syn skriuwerskip. Yn septimber fan dat jier ferhuze er nei Amsterdam om dêr Nederlânsk te studearjen oan de Gemeente Universiteit. Bot ûnder de yndruk fan moetingen mei de karismatyske Fedde Schurer (1898-1968) en stúdzjegenoat Gerrit Borgers (1917-1987) beëinige er út Amsterdam wei syn literêre freonskip mei dûmny Scholten. Stadichoan ûntwikkele er yn dy perioade de ambivalinte hâlding tsjin Fryslân oer dy't yn hast al syn wurk weromkomt. Fryslân wie net allinnich as abstraksje in

probleem foar him, mar ek hiel konkreet: yn Fryslân waard syn wurk like faak net begrepen en ôfwiisd, as erkend. Gerrit Borgers en syn freondin Annie van Poelgeest waarden trouwe freonen: hertlik en meilibjend. Borgers wiisde Wadman op it wurk fan Menno ter Braak (1902-1940), âldfoarman fan *Forum* en ien fan de meast ynfloedrike kultuerkritisy fan de jierren tritich. Tegearre besochten Wadman en Borgers ien fan syn lêzingen, mar it soe noch oant de ein fan de Twadde Wrâldoarloch duorje foar't Wadman it wurk fan Ter Braak yngeand lêze soe.

De oarloch brocht Wadman foar it grutste part passyf wachtsjend troch yn Langwar, it lytse, isolearre doarp dêr't er opgroeid wie. Yn syn âlderlik hûs boude er in ymposant literêr netwurk op. Hy frege advys en rekke befreone mei, ûnder oaren, Douwe Tamminga (1909-2001) en Fedde Schurer. Ek wiksele er in soad brieven út mei Gerrit en Annie Borgers, dy't him ek in pear kear yn Fryslân opsochten. Mei Borgers gie er de diskusje oan oer syn "namme" yn Fryslân en syn kar foar de Fryske literatuer.

Nei syn kandidaatseksamen yn 1943 woe Wadman syn stúdzje fuortsette yn Grins, dêr't Jelle Brouwer (1900-1981) krekt beneamd wie as earste professor Frysk. Fierder studearje wie lykwols al gau ûnmooglik, foar wa't de "loyaliteitsverklaring" net tekene – in dokumint dêr't studinten mei ferklearren dat sy har net tsjin de Dútske of de Nederlânske oerheid fersette soene. Yn Langwar stie Wadman foar de fraach oft er wol of net tekenje moast. Oars as de measten ûndertekene er de ferklearring. Hy realisearre him al gau dat syn opportuniste him nei de oarloch syn namme kostje koe. Yn plak fan fierder te studearjen fûn er in baan op it distribúsjekantoar fan Langwar. Hy makke syn earste roman ôf en ûntduts it wurk fan Menno ter Braak. Dy syn gekoanstekken fan de 'arrivearre' skriuwer dy't him op syn reputaasje foarstean lit, sette alles wat Wadman oant no ta berikt hie yn in oar ljocht, of, sa't er it sels sei: 'de chaos is bezig te verdwijnen.'

Yn de line fan Ter Braak (haadstik 3) liet Wadman him, fan 1945 ôf, hieltyd mear foarstean op syn (ûnderstelde) brekken, syn haat-leafde ferhâlding tsjin Fryslân oer en syn wrakseling mei it skriuwerskip. Nettsjinsteande syn faak negative hâlding tsjin syn eigen wurk en tsjin Fryslân oer, rekke Wadman tusken 1945 en 1948 gau bekend as skriuwer en as skerp kritikus. Hy skreau foar ferskate kranten (bygelyks foar de earste Fryske krante *Frysk en Frij*) en publisearre syn earste twa dichtbondels yn de Reiddomprige – in searje foar jonge Fryske dichters dy't har ôfsetten tsjin de poëzij fan de Jongfriezen.

Yn deselde perioade socht Fokke Sierksma (1917-1977), haadredakteur fan it Noard-Nederlânske literêre tydskrift *Podium* kontakt mei Wadman. Sierksma bewûndere Wadmans syn skerpe pinne, naam syn wurk op yn *Podium* en trunde him oan om him tsjingas te jaan oan Fedde Schurer, wa

syn moralistyske, kristlike fizio op literatuer bot oars wie as dy fan himsels en dy fan Wadman. Tegearre mei Schurer wie Wadman lykwols belutsen by it nije literêre tydskrift *De Tsjerne*, dat de bannen tusken de literatuer en de Fryske beweging ferbrekke woe. Wadman hie der gjin inkeld belang by om rúzje te meitsjen mei Schurer. Leaver as dat er in kar makke tusken *Podium* of *De Tsjerne*, woe er besykje in skeakel te wêzen tusken de Fryske en de Nederlânske literatuer.

Yn septimber 1946 (haadstik 4) ferhuze Wadman werom nei Amsterdam om syn stúdzje ôf te meitsjen. Hy wenne dêr oant ein novimber 1947 mei syn suster en – foar de lêste njoggen moanne – ek mei Gerrit en Annie Borgers. It fjouwertal kaam te wenjen yn in âld, ferrinnewearre winkelpân yn de Looiersdwarstraat, dat al gau bekend stie as ‘Podium-building’, om’t in soad fan it wurk foar *Podium* dêr dien waard. It gearlibjen yn in hûs dat har bewenners hast gjin privacy joech, wie lykwols gjin sukses. Ein 1947 giene de partijen út inoar. Wadman ferhuze werom nei Fryslân, ditkear om der te bliuwen.

Oertsjûge dat er ûnder it fereaske nivo bleau in *Podium*, naam Wadman werom yn Fryslân (haadstik 5) it meastepart fan it redaksjewurk foar *De Tsjerne* ophim. Mei dat blêd woe er de Fryske literatuer ûnder de kowesturten weihele. Dêrom socht er ek kontakt mei oare minderheidsliteraturen, lykas bygelyks de Bretonske yn Frankryk.

Yn novimber 1948 seach einlings syn earste roman, *Fioele en Faem*, it ljocht. De roman fertsjinne it neffens Wadman om te ferskinen om’t er as literêr eksperimint foar Fryslân syn wearde ha koe. Mar de kritisy karden it boek ôf, ta Wadman syn argewaasje net op literêre, mar op morele grûnen. De ôfwizing fan syn roman hie likegoed gjin gefolgen foar Wadman syn namme as kritikus, in namme dy’t er opboud hie troch syn kritiken yn *Podium* en *De Tsjerne*.

Befêstiging fan Wadman syn reputaasje as ien fan de bêste Fryske kritisy kaam ek yn de foarm fan in opdracht fan it Ministerie van Onderwijs, Kunsten en Wetenschap ta it gearstallen fan in blomlêzing fan de bêste Fryske poëzij fan 1880 ôf. Dy twatalige blomlêzing, dy’t sjoen waard as it bewiis dat it Nederlânske regear him ynteresearre foar Fryske literatuer, kaam yn 1949 út ûnder de titel *Frieslands Dichters*. De krityske opmerkingen fan de gearstaller oer de marzjinale posysje fan de Fryske literatuer yn Europa brochten yn Fryslân lykwols gjin inkelde diskusje op gong. Yn minder as fjouwer jier tiid wie Wadman syn namme dêr foargoed fêstige. Yn 1952 wûn er foar syn kritiken en essee’s yn *De Tsjerne* de belangrykste Fryske literêre priis, de Gysbert Japicxpriis. Mei syn twaentritich jier soe Wadman ien fan de jongste priiswinners ea wêze. Ein 1952, twaentritich jier âld, hied er ûngefear alles wat der te berikken foel yn de Fryske literatuer berikt. In pear moannen letter, nei in konflikt oer eksperimintele poëzij,

bruts er mei de redaksje fan *De Tsjerne*. Eins wreekten har dêr net allinnich literêre, mar benammen ek persoanlike ferskillen.

No't er de hannen frij hie foar oare saken (haadstik 6) konsintrearre Wadman him op it ferfolch fan syn akademyske karriêre. Hy promovearre yn 1955 cum laude op in biografy fan de njonggentjinde-ieuske Fryske skriuwer Hjerre Gerrits van der Veen, mar waard dêrnei gjin heechlearaar. Yn de jierren fyftich kriich Wadman in stik as wat teloarstellingen te ferwurkjen. De jierren nei 1953 wiene dy fan frustraasjes, 'mislearringen' en refleksje op syn (ûnderstelde) brekken. Gelokkige perioaden (sa waarden tusken 1954 en 1962 syn trije bern berne) waarden ôfwiksele troch konflikten en spyt oer miste kânsen. Wadman syn akademyske karriêre ferstoant in tal parallellen mei syn literêre karriêre. Sawol yn syn literêre as yn syn akademyske karriêre, makke Wadman him ûnmooglik troch syn selskriptyk en syn ûnbidige ûnwissens. Yn beide gefallen keas er foar Fryslân, wylst dy kar in belangryke beheining foar him ynhâlde. Hieltyd mear blykten it Nederlânske en it Fryske literêre fermidden twa aparte fjilden te wêzen, dêr't amper útwikseling tusken plakfûn.

Nei't er de redaksje fan *De Tsjerne* de rêch takeard hie, hâlde Wadman him ôfsidich fan oare skriuwers, al spile er as kritikus fansels noch hieltyd in belangrike rol yn it literêre fjild. De pear skriuwers dy't er bewûndere (bygelyks de dichters Hessel Miedema en Marten Brouwer, de essayist Lolle Nauta en – letter – de skriuwer Klaas de Wit) seagen ek heech by him op, mar Wadman makke winlik gjin part út fan dizze groep skriuwers. De basis dêr't er op operearre, waard hieltyd smeller.

Yn 1959, weromsjend op de ûntjouwing fan de Fryske literatuer fan 1945 ôf, wie Wadman bliid dat der no ek romte ûntstien wie foar de 'moderne' roman – romans dy't net needsaaklik spilen tsjin in stereotype Fryske eftergrûn. Dy 'frontverbreding' seach er lykwols net as in garânsje foar literêre kwaliteit. It stelde Wadman bot teloar dat de measte Frysklêzers noch hieltyd de foarkar joegen oan streekromans. Yn in twatalige kontekst wiene de ferwachtings fan lêzers en kritisy foar de Fryske literatuer oer oars as dy foar de Nederlânske literatuer oer. Foar 'moderne' Fryske romans bestie mar in lyts lêspublyk. Fryske literatuer, 'emansipearre' of net, koe yn Wadmans yn optyk noch hieltyd de konkurrinsje mei de Nederlânske literatuer net oan. Neffens him soe it wurk fan de measte Fryske skriuwers yn in grutter taalgebiet lykas it Nederlânske nea publisearre wêze. De bêste Fryske skriuwers kamen op syn heechst oerien mei midsmjittige Nederlânske skriuwers.

Yn it foarjier fan 1961 sette Wadman mei in iemanstydskrift útein: *De Teannewâdder*. Yn it blêd seach er werom op syn literêre karriêre oant dan ta en makke er plannen foar de takomst. It tydskrift markearret in oergong yn Wadman syn skriuwerskip, nammentlik fan in Fryske

skriuwer nei in Fryske skriuwer tsjin syn sin. Foar't er mei syn tydskrift begûn hie Wadman automatysk foar de Fryske literatuer keazen. Nei *De Teannewâdder* wie dat net mear it gefal. It tydskrift wie de utering fan de isolearre posysje dêr't hy as Fryske skriuwer yn einige wie. Yn it foarjier fan 1963, ûntmoedige troch de reaksjes op syn ienmansaventoer en op syn lêste roman, kundige Wadman oan dat er de pinne as skriuwer dellei. Hy wie derfan oertsjûge dat er it allinnich sa lang folhâlden hie troch de Fryske literêre sitewaasje, dêr't midsmjittige skriuwers yn trochgean koene as grutte skriuwers. Ut in letter perspektyf wei is it iroanysk dat syn grutste sukses as skriuwer doe sa tichtby wie.